

Werom sjen op 3060 befallingen

FD 03-05-2008

troch Yvonne Dijkstra

Mar sân ynstjoerde manuskripten foar 2008 (dêr't ek noch trije fan ôffoelen) en fiif debutanten yn sân jier tiid: it hâldt by de Kristlik Fryske Folksbibliteek (KFFB) net oer wat nije skriuwers oanbelanget. En dan wurdt it gros fan de boeken ek noch ôfleverre troch âldere manlju, dat se sille grif tige wiis wêze mei Tineke de Jager-van der Zee!

Debutante De Jager-Van der Zee ferdjippe har foar de histoaryske roman *Goedfrou foar it libben* yn it libben fan goedfrou ('vroedvrou') Catharina Schrader. De fan oarsprong Dútske Schrader

(1655-1745) kaam tafallich yn de ferloskunde telâne en kaam yn har fúnksje fan goedfrou by earm en ryk oer 'e flier. De oantekens fan de frou wurde hjoed de dei noch sjoen as in unyk medysk en histoarysk dokumint, en it binne dy oantekeningen dy't De Jager-van der Zee brûkt hat as wichtichste boarne foar de roman. Lykwols, nettjinsteande dy basis is it ferhaal deromhinne foar in grut part sels betocht, fertelt de skriuwster yn *De fleanende krie*, it krantsje fan de KFFB.

Haadpersoan frou Schrader lit, al blêdzjend yn har oantekeningen, oan 'e ein fan har libben alles noch ien kear oan har foarby

gean. Yn de measte gefallen stiet hja stil by ien fan de 3060 befallingen dy't hja dien hat; dêr tuskentroch sit ynformaasje oer har persoanlike libben, mei sels út en troch in fragmint út it orizjinele oantekeningenboek.

Dat Catharina Schrader net in maklik libben hân hat, wurdt gau dúdlik. Berne yn it Dútske Bentheim kaam hja mei har man (sjirurgyn Ernst Willem Cramer) yn Hallum telâne. Doe't har man yn 1692 kaam te ferstjerren, bleau de 37-jierrige Catharina achter mei seis bern. Om de húshâlding troch de tiid te krijen, pakte hja it kreamheinen op en skynber mei súkses. Letter ferfarde de húshâl-

ding Cramer nei Dokkum, dêr't Catharina in bloeiende praktyk opsette. Dy lei efkes stil doe't hja foar de twadde kear de lapen gear smiet, dizz' kear mei boargemaster Thomas Higt, mar nei it ferstjerren fan har twadde man pakte de widdo al gau har âlde berop wer op.

Catharina Schrader wurdt delsetten as in yntrigearjende frou. Dochs hie De Jager-van der Zee frou Catharina noch wol wat tichter op 'e hûd sitte mochten. It bliuwt wat ôfstanlik allegear. Dat docht bygelyks al bliken út in lyts detail as de namme fan it haadpersonaazje: de iene kear is dat Catharina, in oare kear frou Schrader. Dat lêste jout daalk folle mear ôfstân en

dêrtroch in hiel oare toan.

Fierder bliuwt De Jager-van der Zee wat te folle fêstsitten oan histoaryske feiten, ek al seit hja sels dat dit net in skiednisboek is. Hja besiket té faak om histoaryske feitsjes yn petearen te smokkeljen. Dêrtroch wurde de dialogen wolris wat houterich en ûnnatuerlik. Wat mear omtinken foar de dialogen hie dit boek goed dien. Miskien is dat in tip dy't Tineke De Jager-Van der Zee meinimme kin yn har folgjende roman, dy't op kommende-wei is.

C. de Jager-van der Zee, Goedfrou foar it libben, Fryske Boekeklub, 2008, 14 euro